

PARSEBERJOCHT

15 juny 2016

Gurbe Douwstra fiert 2000ste Radio Froskepôle

Op tiisdei 21 juny

Fan útstjoering ien oant twatûzen, alle kearen wer stiet it Omrop Fryslân programma Radio Froskepôle yn it teken fan streektalmuzyk. En mei de 2000ste ôflevering op tiisdei 21 juny sil dat net oars wêze. Om dat jubileum te fieren is der in spesjale en ekstra lange útstjoering op radio en telefyzje. Fan 18.00 oant 20.00 oere ûntfangt presintator Gurbe Douwstra ferskate artysten en fans fan de earste oere.

Radio Froskepôle sette yn 1999 útein as wykliks streektalprogramma. Sûnt 2011 is it programma alle wurkdagen te hearren fan 18.00 oant 19.00 oere. Yn dy jierren is der wol wat feroare. “Yn it begjin wie it mear in programma oer muzyk út Fryslân en net allinnich mar streektal. Omdat de net-Frysktalige muzyk fan Fryske artysten wol genôch draaid waard, bin ik op in bepaald momint úteinset mei it draaien fan allinnich mar streektalmuzyk en dan mear as allinnich út eigen provinsje”, sa seit Gurbe Douwstra.

It begjint kommende tiisdei 21 juny foar Gurbe mei moarnsiten yn kafee Marktzicht (Drachten) dêr't it idee foar it programma yndertiid ûntstien is. Dat alles is live te folgjen op Omrop Fryslân Radio. Dêr sil ek de earste Froskepôleplaat fan dy dei oankundige wurde. Dêrnei wurdt der alle oeren in Froskepôleplaat draaid dy't keazen is troch presintator Gurbe Douwstra sels. Oan alle platen sit in spesjaal ferhaal fêst.

Fan de ôfrûne jierren is der ien ôflevering dy't Gurbe it meast bybleaun is. “Sûnder mis de útstjoering fan de 1500ste Radio Froskepôle yn 2014. Ik haw it programma doe tegearre presintearre mei streektal-kollega's Henk Scholte fan RTV Noord en Bert Kamping fan RTV Drenthe. Hiel bysûnder wie dat dy ôflevering tagelyk útstjoerd waard op alle trije de noardlike regionale omroppen. Dat wie noch nea earder bard.”

Foar de spesjale útstjoering fan Radio Froskepôle op 21 juny binne fans fan de earste oere oanwêzich om it jubileum mei te fieren. Gurbe ûntfangt trije muzikale trio's: Otto Groote Ensemble út Dútslân, Harry Niehof trio út Grins en Piter Wilkens mei Libbene Stiennen út Fryslân.

2000ste Radio Froskepôle:

Fan 18.00 oant 20.00 oere op Omrop Fryslân Radio, Telefyzje, omropfryslan.nl en de Omrop-app. Mear ynformaasje oer Radio Froskepôle en de útstjoeringen is te finen op: omropfryslan.nl/froskepole.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 78 76.

PERSBERICHT

15 juni 2016

Gurbe Douwstra viert 2000ste Radio Froskepôle

Op dinsdag 21 juni

Van uitzending een tot tweeduizend, elke keer weer staat het Omrop Fryslân programma Radio Froskepôle in het teken van streektaalmuziek. En met de 2000ste aflevering op dinsdag 21 juni zal dat niet anders zijn. Om dat jubileum te vieren is er een speciale en extra lange uitzending op radio en televisie. Van 18.00 tot 20.00 uur ontvangt presentator Gurbe Douwstra verschillende artiesten en fans van het eerste uur.

Radio Froskepôle startte in 1999 als wekelijks streektaalprogramma. Sinds 2011 is het programma iedere werkdag te horen van 18.00 tot 19.00 uur. In die jaren is er wel wat veranderd. “In het begin was het meer een programma over muziek uit Friesland en niet alleen maar streektaal. Omdat de niet-Friestalige muziek van Friese artiesten wel genoeg gedraaid werd, ben ik op een bepaald moment gestart met het draaien van alleen maar streektaalmuziek en dan meer dan alleen uit eigen provincie”, aldus Gurbe Douwstra.

Het begint komende dinsdag 21 juni voor Gurbe met ontbijt in café Marktzicht (Drachten) waar het idee voor het programma indertijd is ontstaan. Dat alles is live te volgen op Omrop Fryslân Radio. Daar zal ook de eerste Froskepôleplaat van de dag aangekondigd worden. Daarna wordt elk uur een Froskepôleplaat gedraaid die is gekozen door presentator Gurbe Douwstra zelf. Aan iedere plaat zit een speciaal verhaal vast.

Van de afgelopen jaren is er een aflevering die Gurbe het meest is bijgebleven. “Zonder twijfel de uitzending van de 1500ste Radio Froskepôle in 2014. Ik heb het programma toen samen gepresenteerd met streektaal-collega’s Henk Scholte van RTV Noord en Bert Kamping van RTV Drenthe. Heel bijzonder was dat die aflevering tegelijk uitgezonden werd op alle drie de noordelijke regionale omroepen. Dat was nog nooit eerder gebeurd.”

Voor de speciale uitzending op 21 juni zijn fans van het eerste uur aanwezig om het jubileum mee te vieren. Gurbe ontvangt drie muzikale trio’s: Otto Groote Ensemble uit Duitsland, Harry Niehof trio uit Groningen en Piter Wilkens met Libbene Stiennen uit Fryslân.

2000ste Radio Froskepôle

Vanaf 18.00 tot 20.00 uur op Omrop Fryslân Radio, Televisie, omropfryslan.nl en de Omrop-app. Meer informatie over Radio Froskepôle en de uitzendingen is te vinden op: omropfryslan.nl/froskepole.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 78 76.